

Orde van dienst Tsjerketsjinsten Fryslân

Snein 8 augustus 2021,

Om 10.00 oere yn de Ontmoetingskerk, Gorredijk
Namme fan de snein: 8^e snein fan 'e simmer

Predikant: ds Dingena Hasper

Musyk: Trio Ypsilon, Maria Wienholts sopraan, Meta Oud fluit, Jan Andries piano

Alderling fan tsjinst: Klaas van der Tempel

Diaken: Berend Kramer

Lector: Hemme L. Berg

Koster: Gorredijk

Musyk: Trio fan J. S. Bach

Wolkom

Intochtliet: 975:1 **Jezus wol hjir minsken moetsje**

Jezus wol hjir minsken moetsje
dy't yn wurd en bea en liet
Gods oanwêzichheid belide
by wa't op syn wegen giet.
Lof de Skepper dy't ús gearbrocht,
lof de Soan dy't freonskip biedt,
lof de Geast dy't by ús wennet,
dy't yn hoop en noed ús liedt.

Oanmoediging en groetenis

Liet 975: 3

Jezus ropt ús byinoarren,
skele we_ek as nacht en dei;
ras of hûdkleur, rangen, stannen,
neat dat ús wjerhâlde mei.
Jou de hân oan freon en frjemdling,
jou de hân oan jong en âld,
oan wa't leaut en oan wa't twivelet,
wierheidsikers yn 'e wrâld.

Ynleiding

Oanstekken fan de kers fan ferbining

Kyrië en Gloria mei liet 299g

Kyrie eleison, Christe eleison, Kyrie eleison.

Gij in uw licht, vrede op aarde;
in mensen van vrede krijgt gij een gezicht.
Wij lachen en dansen en zingen u groot
en gooiën handenvol dank omhoog:



scheppend woord, stem die ons uitroept,
eerste en laatste hand uit de hemel
verlossend woord, helper bij herstel,
wonder van verzoening, zon van gerechtigheid,
woord dat wegwijst, wolk en vuur,
klare taal, ziel van ons bidden,
adem op de lange duur.
Sta voor ons in, maak ons los
en wij zingen U groot:
Gij in uw licht, vrede op aarde;
in mensen van vrede krijgt Gij een gezicht.

Gebed om 'e Geast

Zingen: Liet 653: 1 en 7
Ferburgen Hear dy't by ús binne,
út Jo te libben al den dei,
Jo kenne en yn wiisheid winne,
salang't wy gean ús ierdske wei –
o Kristus, dy't yn wrâlds berin
ús ein betsjutte en ús begjin!

O Kristus, oan ús jûn allinne,
Jo dy't yn ivichheid de wei,
de wierheid en it libben binne,
sin fan wat wie en komme mei –
o skink dit himelsk heimenis
jo tsjerke dy't op ierde is.

Evangelielêzing: Johannes 14 : 1-14

Jezus it paad nei God

141Wurd mar net oerstjoer; betrou op God, betrou ek op My. 2Yn myn Heite hûs binne gâns keamers; as dat net sa wie, soe Ik it jimme wol sein hawwe; Ik gean der hinne, om plak foar jimme klear te meitsjen. 3En as Ik der hinnegien bin en plak foar jimme klear makke haw, sil Ik weromkomme om jimme by My yn 'e hûs te nimmen, dat jimme ek wêze meie dêr't Ik bin. 4En dêr't Ik hinnegean, dêr witte jimme it paad hinne. 5Tomas frege Him: Hear, wy witte net wêr't Jo hinne geane; hoe soenen wy dan it paad derhinne witte? 6Jezus antwurde: Ik bin de wei, de wierheid en it libben; net ien komt by myn Heit as troch My. 7As jimme My koenen, soenen jimme myn Heit ek kenne; tenei kenne jimme Him en hawwe Him sjoen.

8Filippus sei tsjin Him: Hear, lit ús jo Heit sjen, dan is it ús genôch. 9Jezus antwurde: Ik bin no al sa'n skoft by jimme en kenst My no noch net, Filippus? Dy't My sjoen hat, dy hat de Heit ek sjoen. Hoe kinsto dan sizze: Lit ús de Heit sjen. 10Leausto net, dat Ik yn myn Heit bin en myn Heit yn My is? De wurden dy't Ik tsjin jimme sis, sis Ik net út Mysels; dat is it wurk fan myn Heit, dy't yn My wennet. 11Leau fan My, dat Ik yn myn Heit bin en dat myn Heit yn My is; of oars, leau it om dat wurk sels. 12Wiswier, wiswier, Ik sis jimme: dy't yn My leaut, sil de dingen ek dwaan dy't Ik doch, ja noch grutter dingen as dy sil er dwaan, want Ik gean nei de Heit; 13en wat jimme ek freegje sille yn myn namme, dat sil Ik allegearre dwaan, dat

de Heit yn de Soan ferhearlike wurde mei. 14As jimme My earne om freegje yn myn namme, Ik sil it dwaan.

Liet 236 út Tuskentiden. Jezus Kristus is de wei

Meldij Bernard Smilde / Jannoniem

Jezus Kristus is de wei
dy't gjin minske_ûntrinne mei
Wêr oars sill' wy hinne,
swalkers dat wy binne?

Jezus is de wierheid sels,
suver en folslein foar elts.
Foar de skyn fan leagen
iep'net Hy ús de_eagen.

Jezus, foar ús sûnden stoarn,
is it libben, nim Him oan!
Dy't him tabeharre
sille net ferdjerre.

Lit my yn dy wei dan gea,
moedich yn jo wierheid stean,
by wat ik bestribje
út jo libben libje.

Oertinking

Muzyk Handel, Deutsche Aria no 8 In den angenehmen Büschen

Tank- en foarbeden
Stilgebed

Ús Heit yn 'e himel
lit jo Namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde
op ierde likegoed as yn 'e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden
sa't wy ús skuldners ek ferjûn hawwe;
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade.
Want jowes is it keninkryk
en de krêft

en de hearlikheid
oant yn ivichheid.
Amen.

Oankondiging collecte

Slotferske (zingen samen met aanwezige gemeente) 418

God skink ús de moed ticht by jo te bliuwen,
dan sil neat ús hjoed utinoaren driuwe.
Jo sill`dei oan dei oer ús gongen weitsje,
skriemen en ek laitsjen draacht jo seine mei.

Wa`t dat priuwe mei siket nije wegen,
seine bringt ús nei dy`t om frede freegje.
Jo geskink wurdt mear as wy harkje kinne
en meidielsum binne, fruchtber yn de Hear.

Frede, mei de died, jouw`Jo ús hannen,
dat wy dy as sied drage troch de lannen,
siedzjend dei oan dei, siedzjend yn it brede,
oant ús hert yn frede by Jo rêste mei.

God, skink ús de moed ticht by Jo te bliuwen,
dan sil neat ús hjoed útinoarren driuwe.
Jo sill`dei oan dei oer ús gongen weitsje,
skriemen en ek laitsjen draacht jo seine mei.

Seine

God sil mei dy meigean as ljocht yn `e eagen,
as lampe foar de foet,
as hân op `e holle en earm om it skouder,
as beaken by ûntiid en fierte dy`t winkt,
as groet op `e lippen en hope yn it hert,
as stim dy`t dy útdaget, wurd dat dy foargiet,

Gemeente: Amen.

Musyk Rondo van Rogier van Otterloo.

de collecten: Iedere zondag in de maand augustus is de diaconale collecte bestemd voor giro 777 , voor hulp aan de mensen in het zuiden van het land die getroffen zijn door de watersnoodramp.

Zoals u gewend bent wordt er elke week ook aandacht gevraagd voor de collecte voor de diensten die via Omrop Fryslân worden uitgezonden. Deze uitzendingen worden zeer gewaardeerd. Voor de kosten van deze kerkdiensten zijn we geheel afhankelijk van de giften die binnenkomen. Als u wilt bijdragen in de kosten en wilt meehelpen aan de voortzetting van de uitzendingen, kunt u een bijdrage overmaken naar het bankrekeningnummer dat speciaal hiervoor is geopend. Het bankrekeningnummer van de WurkgroepTsjerketsjinsten Fryslân is:

IBAN: NL15 RABO 0373 744471 t.n.v. Raad van Kerken Fryslân.

Hartelijk dank voor uw bijdrage! Voor vragen en suggesties m.b.t. de diensten kunt u terecht bij de Werkgroep.
Emailadres: tsjerketsjinstenfrl@gmail.com Meer informatie over de Werkgroep is te vinden op www.raadvankerkenfryslan.nl